

Rienk de Haan (1995)

Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden. (Ljouwert: Taalburo Fryske Akademy. ISBN 90-6171-802-2, 181 s., f 25,-; foar leden en stipers FA: f 23,-).

Neigeraden dat de emansipaasje fan it skriftlik Frysk yn it offisjele ferkear tanimt, sil ek it ferlet oan foarbylden foar alderlei soarten korrespondinsje tanimme. En dan wolle minsken wissichheid hawwe dat se it goed dogge. Dêr kinne modellen by helpe. It docht my dan ek deugd dat, nei't fan Afûkkant yn de twaddde helte fan de tachtiger jierren al de winsk útsprutsen is dat der in brieveboek komme moast, der no fan Akademy side yn foarsjoen is.

De Afûk hat yn it ramt fan de Kommissje Taalsoarch noch wol in *Advertinsjewizer* (1988), in hantlieding by it opstellen fan advertinsjes, oan 'e merk brocht. En der is ek wol omtinken bestege oan in brieveboek yn 'e trant fan Hollânske foarbylden lykas it *Brievenboek* fan Wim de Graaf e.o. (Nederlands Bibliotheek en Lektuur Centrum, 1983) en *Het praktische brieveboek* fan de HEMA (1987). Mar dêrnei is it wurk yn dy kommissje fandatoangeande wat stagnearre en is de kommissje yn 1994 sels opheft.

Yn myn besprek fan De Haan syn boekje wol ik wat sizze oer de ynhâld, de foarm en de tagonklikens. Wat de ynhâld oanbelanget, sil ik ek it ien en oar nei foaren bringe oer de hantearre taalnoarm. Net allinnich oer de taalregels dy't De Haan eksplysyt formulearret foar takomstige brûkers, mar ek oer de ymplisite taalnoarm dy't út de tekst sels nei foaren komt. Dêrby hantearje ik ek kritearia dy't troch my en oaren yn it ramt fan de Kommissje Taalnoarm fan de Afûk ûntwikkele binne oangeande it Standertfrysk (opnommen yn *De Pompeblêden*, nû. 1, 1995, s. 12-14).

Ynhâldlike aspekten

De Haan beheint him yn it twadde part fan syn skriuwwizer allinnich ta modellen (s. 131-180), sûnder ynliedings op de ynhâld dêrfan of skriuwoefenings, dy't Hollânsk-talige wjergaders almeast wol jouwe. Sûnder fierdere omballings kin men yn sa'n 50 siden foarbylden oantrefte fan *formele brieven* (klachten, opsizzings, beswierskriften, fersiken, in útnoeging, in siikmelding, in befêstiging fan in keapoerienkomst, sollisitaasjes), *ynformele brieven* (lokwinsken, kondoleânsjes, in útnoeging en in antwurd dêrop, betankjes), *saaklike korrespondinsje* (moanbrieven, ferkeapbrieven, in reklamefolder, in iepen brief, offerten, korrespondinsje dy't te krijen hat mei personielssaken lykas in rou-advertinsje [it iennichste model fan in advertinsje], antwurden op solisitaasjes en klachtebrieven). Allegearre tige nuttige eksimpels foar minsken dy't in Afûkkursus folgje en foar lju dy't it Frysk privee of yn har wurk mear brûke wolle.

Fierwei it grutste part fan de skriuwwizer wurdt yn beslach nommen troch in alfabetysk part (s. 9-130). Men fynt dêr ûnderwerpen yn dy't ek yn Renkema syn *Schrijfwijzer* foarkomme, lykas sinbou, wurdkar, ynterpunksje, lêsbereens, styl. It is in goed ding dat oan 'e hân fan foarbylden geregeldwei omtinken jûn wurdt oan taalkundige saken, lykas flaters dy't gauris makke wurde. Mar ek oan aspekten mei in minder útsprutsen taalkundich karakter, lykas briefyndielings, kopkes en literatuerlisten. Jierrenlang hat De Haan stûf alle mooglike fragen sammele en besocht om antwurden te jaan. Dat allinnich al is in fertsjinste. It stiet no allegearre kreas mei help fan stekwurden yn *Mei freonlike groetnis* op in rychje.

Taalregels

Ik kin net alle mooglike taalregels (yn de sin fan taalnoarmen) dy't De Haan jout, bylâns gean. Fierwei de measten binne tige nuttich en hoege fan myn kant gjin kom-

mentaar. Ik behein my dêrom ta inkelde regels dêr't ik by it lêzen in kanttekening by set haw. It binne dan ek net mear as marzjinale opmerkings.

1. Dat stoflike eigenskipswurden op *-en* in ekstra *-e* krije kinne as se twa wurdliiden hawwe, lykas yn 'in stiennen(e) faas', wie my bekend, mar it foarbyld 'dyn sulveren(e) ring' (s. 33) is yn striid mei de my ek bekende regel dat dy *-e* ferfalt by stofnammen dy't langer as twa wurdliiden binne of útgeane op twa toanswakke wurdliiden.
2. Op s. 28 jout De Haan omtinken oan de regel dat it persoanlik foarnamwurd 'hy' ornaris net brûkt wurde kin as enklityske foarm. Dan wurdt it 'er' ('Dêr rint er'). Ik mis de regel dat soks eins ek jildt foar de *hja*-pronomina en har enklityske komponint 'se' (ferl. Hoekema, *Us Wurk*, 1984, nû. 4, s. 91-95).
3. De opmerking dat foar it bynwurd 'en' ek wolris in skrapke stean kin (s. 34), giet wat koart om 'e hoeke. It hie better west dêr ek in pear foarbylden fan te jaan.
4. In útropteken haw ik set by De Haan syn regel dat feestdagen en de ôfliedings en gearstallings dêrfan *altiten* mei in lytse letter skreaun wurde (s. 35, 52). It docht my deugd dat wy op dat stik de Hollânske noarm dat feestdagen wol haadletters krije en ôfliedings en gearstallings net, net folgje. De Hollânske noarm is neffens my didaktysk ferkeard.
5. De Fryske wurdboeken hawwe har al sûnt Waling Dykstra fleurich weiwynd foar de fraach *manlik-froulik*. Postma & De Clercq hawwe yn 1904 besocht dêr wat oan te dwaan. Sytstra en Hof sjogge yn 1925 net folle ferskil tusken it wurdslachte yn it Frysk en it Hollânsk. Sipma (*Ta it Frysk III*, 1949, s. 7-11) hat it der likegoed dreech mei. Wadman wol der yn syn *Taal-tûkelteammen* (LC, 9-5-1986) dan ek op út dat wy by ûnwissens oer it brûken fan 'syn/har' mar it bêste Van Dale of it 'Groene boekje' as noarm brûke kinne. De Haan makket lykwols regaad troch de didaktysk meast ienfâldige regel te jaan dy't der mar is, troch net nei it Hollânsk te sjen en te sizzen: 'Oars as it Hollânsk makket it Frysk by de *de*-wurden gjin ûnderskied tusken grammatikaal manlike en froulike wurden. It Frysk brûkt hjir de manlike ferwizing' (s. 55). En: 'om nei *de*- en *it*-wurden te ferwizen brûkt men foarnamwurden as *hy/er/syn*, behalven as it om dúdlike froulike wêzens giet (guon wyfkesbisten útsûndere)' (s. 130). De Haan syn 'standert' is lykas alle oare taalregels (noch) net offisjeel troch de Steaten bekrêftige, mar makket wol in ein oan gâns twaslachtich taallijen.
6. Wêr't wy yn it Frysk, mei rjocht, hieltiten mear distânsje lykje te hâlden mei it Hollânsk is mei de regel dat de 'tusken-*e*' altiten as *-e*- skreaun wurde moat (bgl. yn 'parrebeam', s. 123). Ek as it Hollânsk *-en* hat (en dat liket yn dy taal de lêste tiid oan te boazjen). Gjinn útsûnderings is no ienkear it bêste foar de Fryskskriuwer.
7. Neffens de noarm dy't de skriuwwizer jout, kin it foarnamwurd 'wat' folgje op *al*, *alles*, *dat(jinge)* (en op in foarôfgeande sin). Mar hoe sit dat mei 'eat'? Yn it Hollânsk moat dat neffens myn Van Dale 'iets *wat*' wêze. Poortinga brûkt 'eat *dat*' (WFT, dl. 4, s. 286) en De Haan sels yn ien sin 'eat *wat*' en 'eat *dat*' (s. 37). Of moat 'eat' as ûnbeskaat foarnamwurd rekkene wurde ta 'guon oare bepaalde wurden' (s. 27), wêrby't 'wat' winliken de *foarkar* kriget boppe 'dat'? Wat mear dúdlikens is net wei.
8. It is ek in tige goed ding dat De Haan de seare finger leit by de regel dat wurden as *sykte*, *boade*, *stilte*, dy't op in 'ûndúdlik lûd' útgeane, yn it Frysk einigje op in *-n* ('sykten'). Hjoed de dei sjocht men dat Fryskskriuwers, faker as yn it ferline en ûnder ynfloed fan it Hollânsk, yn it meartal der sûnder euveldoed in *-s* oan keppelje ('syktes'). Ik kin it ek tige lykfine mei De Haan as er de foarkar jaan wol oan de *-n* as it wurdboek beide mooglikheden jout (bgl. *gewoanten/gewoantes*). It

docht jin Frysker oan en it is yn dit gefal didaktysk ek better (minder útsûnderings).

9. It docht my ek deugd dat De Haan problemen mei konstruksjes as *dêrsto*, *doesto*, *noosto* en *ofst*, dy't ik earder as ris sinjearre haw (*De Pompeblêden*, nû. 1, 1995, s. 21), oangrypt hat om de noarm fan it Frysk fandatoangeande wat oan te skerpjen en te ferdúdlikjen (mei tank fan de Afûklesjouwers!), al is it ferskaat oan mooglikheden foar in 'standert' my noch te grut.
10. In oar foarbyld fan it feit dat De Haan net al te benaud is om syn normative opfettings te jaan, docht bliken oan syn foarkar foar 'autoke' en 'parapluke' boppe 'autootsje' en 'paraplútsje' (s. 92). Ik bin it mei him iens, al soe it wêrom fan dat distânsjehâlden efkes oanjûn wurde moatte. Yn dit gefal kin dat better op in oar plak as by de ôfbrekregels, dêr't it op de neamde side feitliken om giet.

Taalgebrûk

By in boekje oer skriuwproblemen hat it ek doel en sjoch ris nei de taalnoarm, resp. de taalstandert dy't de skriuwer sels (ymplisyt) hantearret. Ien fan de wichtichste kriteraria dêrfoar is it distânsjehâlden mei it Hollânsk, om sa it eigen karakter fan it Frysk mear klam te jaan. Dat betsjut dat men hollânismen mijt en/of foarmen foar kar nimt dy't sa Frysk mooglik lykje.

It hantearjen fan dat distânsjebegjinsel uteret him bygelyks yn foarmen as 'loftsboppe', 'lofts' (s. 10, 103), 'efter', 'efterflap', 'efteryn' (s. 10, 12, 22), 'beskate' (s. 29). Dat wurdt lykwols net alhiel folholden by foarmen as 'elke' (bgl. s. 23, 29, 63, 115) en 'ûnbeaalde' (s. 27). In aaklik hollânisme dat ek net mijd wurdt, is in wurd as 'gegevens', dat yn 'e beide Akademywurdboeken, grif om dy reden, net te finen is. De Haan brûkt it my te faak (bgl. op s. 21, 26, 35, 68, 99, 116, 124, 149, 155, 166, 178) as 'bysûnderheden' ek wol passe soe. Of somtiden ek wol: 'feiten', 'ynljochtings', 'data', 'materiaal'. As hollânisme moat ek in kombinaasje as 'te'n ûnrjochte' (s. 56, 61, 79, 81, 140, 143) oanmurken wurde (ferl. ek *Op 'e taelhelling* I, s. 182). Mei 'sûnder rjocht' of 'mei ûnrjocht' (ferl. FW I, 1984, s. 1118) of 'ûnrjochtlik', 'sûnder grûn' (FW II, 1985, s. 182) kin men jin al sa goed rêde. As in âlde hoassok strykt neffens my ek in hollânisme as '[...] kinne wy net om mefrou hinne' (s. 22), wylst it mei 'kinne wy net foar mefrou wei' goed sein wurde kin. Frysker kin ek 'hinnegean' (kondoleânsebrief, s. 161), dat neffens my 'min Frysk' is foar *ferstjerre*, *weireitsje*, *weifalle* ensfh. (ferl. ek *Advertinsjewizer*, 1988, s. 49). Datselde is, tinkt my, ek it gefal foar it moadewurd 'ynset' (s. 152), dat better 'ynspanning' (of noch better: 'troch my tige yn te spannen') wurde kin. Mei rjocht wurdt dan ek letter (op s. 174) 'ynspand' brûkt. Ek 'belutsenen' (s. 89) liket my in te letterlike oersetting fan it Hollânske 'betrokkenen'. Wêrom net 'dejingen/de lju/de minsken dy't der yn behelle binne' of 'dy't der mei anneks binne'?

In wat konsekwinter brûken fan *dy*, *dat* en *dêr* as weromwiisd wurdt nei eat dat earder neamd is, in antesedint, en as der net sprake is fan in tsjinstelling, soe ik foar in twadde printinge fan de skriuwzizer oanrikkemandearje wolle. Ik tink dan oan sinnen as: 'As de sin dy't oan *dizze* slotformules foarôfgiet' (s. 25); '[...] wêrom't jo sa geskikt foar *dizze* baan binne' (s. 109); 'In ienfâldige regel is *hji* net te jaan' (s. 32); '*Hji* is it ûnderwerp ferhuze' (s. 37).

In net sa'n gaadlik foarbyld fan in haadwurd dat beide lidwurden (*de* en *it*) by him krije kin, achtsje ik '*de* fabryk' [njonken '*it* fabryk' (s. 70)]. My is altiten foarholden dat '*de* fabryk' net goed is yn it Frysk en dat wurdt befêstige troch it *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra. Dy jout it allinnich as neutrum (s. 333). Dat dogge ek it FW I en II. Allinnich it WFT jout njonken 'it' noch tusken heakjes '(& de)'. Dat is net botte oertsjûgend, benammen net omdat gjin inkelde oanhaal dêryn de kombinaasje mei '*de*' jout.

Sa sterk kin dat net sein wurde fan it brûken fan it lidwurd '*de*' yn kombinaasje mei

'brief' (s. 101, 108, 109, 110, 111, 112). Dochs moat it spitich neamd wurde dat in goede tradysje út 'e 'beweging' (ynklusyf de Afûk) om de foarkar te jaan oan '*it* brief' (as standertfoarm), net folge wurdt yn in Akademyboekje. '*It* brief' op side 136 en 166 kinne dat winliken net mear goedmeitsje.

Tige ûneigen docht my in wurd as 'ûngetroud' (s. 106, 155, 156) oan, ek al is it trochkrongen ta it FW I. De gearstalter(s) fan FW II hawwe dat grif ek sa oanfield troch allinnich 'net troud' en 'net trouden' (s. 491) op te nimmen. Lang net altiten kin *ge-* yn it Frysk mijd wurde, mar yn dit gefal wol. Datselde soe ik ek opmerke wolle oer 'ûngefrege' (s. 111). Oan 'e oare kant mijt De Haan, mei rjocht, *-ge* wer yn 'ferlykje' (s. 99). Dat soed er, wat my oanbelanget, ek dwaan moatte mei '*sadat*' (s. 99, 133, 138). Neffens FW I soe '*sadat*' der op troch kinne yn it Frysk, mar FW II tinkt der oars oer. Dat wurdboek jout allinnich de konjunksje '*dat*' en is dêrmei yn it goede selskip fan Tamminga, dy't yn *Styl en Stavering* (1948) itselde seit.

Dêr stiet wer tsjinoer dat de skriuwer de ûneigen útgong *-en* fan 'renenen' mijt yn 'om taktyske reden' (s. 21) en 'om praktyske reden' (s. 75).

Frij bewust liket De Haan it tige Frysk oandwaande 'oft' te brûken yn sinnen as: 'It is nuttich om nei te gean *hokker* mooglikheden *oft* dy op dat mêd biedt' (s. 39); 'As de foarsitter in gearfetting jaan wol, bepaalt it doel *watfoar* gearfetting *oft* der komt' (s. 46); '*Hoefolle* wyt *oft* der boppe in kopke komt' (s. 66). Freegjende foarnamwurden as *hokfoar*, *watfoar*, *hoe'n*, *hoe*, dy't funksjonearje kinne as ûnderskikkend bynwurd, kinne neffens J.K. Dykstra fakultatyf folge wurde troch *oft*. Yn de wurdboeken wurdt it ek net konsekwint brûkt. Mar ik tink mei H. Tsjepkema en W.J. Buma (ferl. bgl. *Efkes taelbuorkje*, s. 247), en better net te witten ek A. Feitsma (al staveret dy it soms oars), dat it weilitten fan *oft* ôfkard wurde moat. De Haan jout, sa liket it my ta, ek de foarkar oan *oft* (ferl. syn taalgebrûk op s. 63, 83, 111, 112, 116, 125, 130). It is spitich dat soks net konsekwint dien wurdt yn oare sinnen: 'Likefolle *hokker* soarte fan notulen [oft] makke wurde' (s. 90; soartgelikense foarbylden op s. 90, 111, 114); 'nimmen wit *hoefolle* [oft] it koste hat' (s. 127); 'Al *hoe* graach [oft] wy ek wolle' (s. 163).

Wat my ek oansprekt, is dat De Haan net, lykas se yn it Hollânsk sa faak dogge, it wurdje 'om' weilit yn sinnen dêr't noch 'eat' fan in doel, bestimming of strekking yn sit. Bgl. yn: 'Fierders is it ferstannich *om* de sin sa te meitsjen [...]' (s. 29; oare foarbylden s. 58, 82, 90, 120). Dat docht my 'Frysker' oan as dy inkelde kearen dat er it weilit, bgl. yn: '[...] wat josels fan doel binne [om] te dwaan' (s. 24; oare foarbylden op s. 88).

Foar 'trefwoord' brûkt De Haan op it omslach en yn de tekst (s. 4, 70) it germanisme (?) 'stekwurd', dat FW I en II (noch?) net kenne. In inkelde kear komt yn de tekst 'trefwurden' (s. 101) foar, dat yn FW II wòl te finen is.

Fariantereduksje

In wichtich aspekt fan in standert en fan standerdisearring is it ferminderjen fan farianten. Ien fan de mooglikheden dy't men hat, is om, by de kar tusken beskate farianten dy't beide frijwol like 'Frysk' binne (net altiten!), safolle mooglik te kiezen foar de folsleine(re), folle(re) of langer(e) foarm. De Haan liket dêr wat minder bewust mei om te gean. Sa brûkt er oan 'e iene kant foarmen lykas 'dûbeld' (s. 10), 'inkelde' (s. 22, 26, 63, 78, 122), 'inkeldris' (s. 77), 'behalven' (s. 25, 79, 81, 130), 'fanwegen' (s. 99), de 'ried' jaan (s. 29, 'haw' ik earder sjoen, jo 'geane' (s. 60), 'besteane' der (s. 64), se 'steane' (s. 83, 116, 117). Mar oan 'e oare kant komt men ek farianten tsjin as 'ha' (s. 7, 112), 'dûbele' (s. 9, 10, 30, 63, 71, 95, 114), 'hanling' (s. 11; yn FW I en II allinnich as 'hanneling' te finen), allinne (s. 17, 56, 76), 'groetnis' (omslach, s. 24), 'achting' (s. 24, 125; gauris ek yn de brievenmodellen), 'altd' (s. 83), sifers 'stean' (s. 116).

Reduksje en distânsje hiene ek arguminten west om net te kiezen foar 'Súdhollander' (s. 77), mar foar 'Súdhollanner', sa't ek FW II docht (s. 412).

Yn it Afûk-learboekje *Tiidwurden* (1989) is fariantereduksje yn tiidwurden tapast troch frijwol allinnich te sjen nei wat FW I jout. Boppedat wurdt oeral dúdlik in foarkar oanjûn. De Haan liket him dêr aardich oan te hâlden, mei útsûndering fan lûdwikseljende foarmen as '(be-/fol-)hâlden' y.p.f. '(be)holden', 'folholden'. Hy kiest yn de measte gefallen foar it mulwurd 'set' (s. 10, 53, 66, 87), mar net alhiel konsekwint, bgl. yn 'wurdt [...] in punt setten' (s. 97). Dat jildt ek foar tiidwurdfoarmen dy't mei en sûnder -n yn de doetiid, meartal kinne, lykas 'wienen, stienen, woenen' (mei -n op bgl. s. 38, 64) en 'soene wy' (sûnder -n, bgl. s. 178). Foar in soad Frysklearders, benammen net-Frysktaligen, soe in konsistinte foarkar foar de fariant sûnder -n didaktyske winst betsjutte, wylst der blykber ek histoaryske grûnen binne om de -n mar te mijen (ferl. *Tiidwurden*, s. 16).

In oare wize fan fariantereduksje is om de foarkar te jaan oan brutsen foarmen boppe net-brutsen farianten. In typysk Frysk ferskynsel wurdt dêrmei stipe. De skriuwer docht dat net yn 'koelkast' (s. 130), wol yn 'kuolkast' (s. 172). Yn dat ramt soe 'roet' (s. 179) standerdisearre wurde moatte ta 'ruot'. Oan 'e oare kant kriget syn foarkar foar de brutsen foarm 'fluezzen' (s. 80) gjin stipe yn it WFT en FW I. Wurdt it nea en te ninter brutsen?

Staving en lêstekens

In wichtich stikje standerdisearring docht ek bliken oan De Haan syn útspraak dat de Hollânske wurdein *-eren* yn Fryske tiidwurden by foarkar skreaun wurde moat as *-earje* (s. 44; *analysearje*). Mei dy stipe foar it brekkingsferskynsel bin ik it tige iens.

Dat op it mêd fan de staving yn it Frysk offisjeel alles ek noch net like dúdlik fêstlein is, blykt út it feit dat De Haan de brûker fan it boekje de goeried jaan moat om de *x* oan 'e ein fan in wurd yn it Frysk mar wei te litten (s. 44). In foarbyldsje fan sa'n gefal hie dy útstelde regel ferdúdlikje kinnen.

It yn Fryslân noch altiten besteande tekoart oan 'offisjele' korpusplanning docht ek bliken oan de skriuwweise fan ynternasjonale mjittenammen dy't ôflaat binne fan persoansnammen. De Haan stelt út om bgl. 'volt' net te ferfryskjen ta 'folt' (sadwaande soe it dus yn it Frysk 'voltmeter' wurde, s. 62), omdat de ynternasjonale ôfkoarting as *V* fêststeld is. As dat de 'offisjele' noarm wurde sil, moatte FW I (s. 309) en FW II (s. 830) en de *Nije list fan frjemde wurden* (s. 158) wol mei gauwens oanpast wurde, oars wurdt de betizing allinnich mar grutter.

In boarne fan betizing nimt er wol wei troch op te merken dat de haadletters fan lidwurden fan ierdrykskundige nammen altiten mei in haadletter skreaun wurde moatte: *De Leijen*, *It Heidenskip* (s. 50). Faaks kin er ek noch wat mear dúdlikheid skeppe by de fraach wannear't ierdrykskundige nammen al of net útgeane op in *-k*. Foar guon ôfliedings is dat moai dúdlik (Frysk-Amerikaansk; by lannen/provinsjes), mar hoe sit dat by plaknammen? Is it Arnhemse of Arnhimske famkes, de Amsterdamske haven, ensfh.?

In lytse bydrage ta de standerdisearring fan it Frysk, en tagelyk in foarbyld fan in goed hantearjen fan it distânsjebegjinsel, jout De Haan mei syn konstearring dat de foarnamwurden *my*, *dy*, *hy*, *sy*, *wy* en it ferhâldingswurd *by* neffens de útspraak mei *ij* skreaun wurde kinne soene, mar dat 'foar beide útspraken allinne de standerdisearre foarm mei *y* brûkt wurdt' (s. 56). Ek as De Haan net alhiel gelyk hat mei syn konstearring, dan soe dat wol sa wêze moatte.

Ynkonsistinsje sit yn de noarm foar it skriuwen fan in lytse letter *v* yn 'Frou Streekstra-van der Berg' (s. 49; dat is ek yn oerienstimming mei Renkema) en it net

tapassen fan dy regel yn 'frou Kaspersma-Van der Veen' (s. 62). Dat jildt ek foar de tusken -s yn 'sinsnivo' (s. 58), dat in *s* te folle hat ferlike mei 'sinlingte' en 'sinkonstruksje' (s. 85) en lyksoartige gefallen yn FW II (s. 904).

Ik haw my ôffrege wêrom't 'hollannismen' (s. 14, 23, 55) net mei ien *n* skreaun wurdt, lykas 'germanisme' (ek s. 14). Hoewol't FW I (s. 412) de dûbelde *n* stipet, wol it my net oan dat it suffiks *-nisme* is. En dêryn krij ik stipe fan FW II (s. 284) en Hoekema (*Lyts Frisia*, 1987, s. 14).

Der soe ek nochris sjoen wurde moatte nei de ôfkoartings 'FS' (Feriene Steaten), 'DS.' (Deputearre Steaten) (s. 64), 'PS.' (s. 159), 'NB.' (s. 166) en 'bv.' (s. 177). Leit F.S., D.S., P.S., N.B. en B.V. (wat is de Fryske wjergader?) net mear yn 'e reden (ferl. bgl. Van Dale)? De ôfkoarting 'v.o.f.' ('vennootschap onder firma') sil net foar elts dúdlik wêze en ropt ek de fraach op nei it Fryske ekwivalint. De Fryske ôfkoarting 'o.f.' (= 'ornearre foar', s. 21) mei foar lêzers dy't s. 9 earst efkes oerslein hawwe, noch wolris ferklearre wurde. Foar skripsjeskriuwers en oaren dy't literatuerlisten meitsje moatte, hie it ek nuttich west en jou njonken de ôfkoarting s.a. en s.l. it Fryske s.j. (sûnder jier) en s.p. (sûnder plak). En njonken ôfkoartings as *red.*, *ed./eds.*, *Hrsg.* hie it Fryske 'samler(s)' en syn ôfkoarting yn de tekst ek net misstien. En wêrom wol it Fryske *mafû* en net it Fryske *pabû* (y.p.f. *pabo*, s. 94)?

De regel dat getallen nei de wurden 'hûndert' en 'tûzen' ûnderbrutsen wurde moatte, liket wat foar te sizzen, mar wat 'sânenfjirtichtûzen trijehûndert trijetûzen' (s. 77) is, kin 'k mar net helder foar 't ferstân krije.

De korreksje hat it wat ôfwitte litten by 'driedelige gearstallingen' (s. 62), 'oanni-noar' (s. 77), 'unifoarmiteit' (s. 105), 'befestiging' (s. 148), 'it ferskuldigde bedrach' (s. 166), 'proefeksemplaar' (s. 169). En moat 'útinoarset' (s. 84) net 'útinoar set' wêze? Is 'ûnreplik goedbelesting' (s. 170) wol goed? Hie dat net better 'ûnreplik-goedbelesting' (mei in keppelteken tusken 'ûnreplik' en 'goed') wurde kinnen? Der wurdt dochs in keppelteken skreaun tusken de earste twa dielen fan in gearstalling dy't as in fêste ferbining sjoen wurde moat? Mist 'en' net yn de sin: 'It Frysk nimt fakentiden net streek-rjocht út oare talen oer [en?] brûkt it Hollânsk as tuskenstasjon' (s. 14)?

Op gâns plakken hie de komma wol wat konsekwint en rojalder brûkt wurde mocht yn oerienstimming mei de regels dy't it boekje dêr sels foar neamt. Benammen as it giet om lange sinnen, tuskensinnen of útwreidzjende bysinnen. Ik kin se hjir om de romte net allegearre oanhelje en folstean dus mei it neamen fan inkelde siden út it alfabetyske part: s. 26, 39, 41, 63, 79, 84, 89, 100, 103, 112, 116, 119, 126. Mar yn it twadde part (de modellen) komt soks ek foar.

It is in tige goed ding dat it boekje de oant no ta 'offisjeuze' ôfbrekregels neamt, dy't yn *It Beaken* (1991, nû. 1) stien hawwe. Op dat stik is der ek ferlet fan fêstichheid. Mar krekt omdat dy (noch?) net offisjeel binne, hie der faaks rekken holden wurde kinnen mei inkelde krityske korreksjes dêrop fan Hoekema (*Lyts Frisia*, 1991, 61-62).

Technyske aspekten

It boekje hat in fleurich, flot en frij keapsjoch uterlik meikrige. Keapsjogger as Renkema syn ynbûne *Schrijfwijzer*. Fierders moat it der yn deeglikens tsjin ôflizze. De lymkwaliteit fan myn eksimplaar wie sadanich dat it boekje by de earste kear lêzen op s. 43 al útinoar foel en dat haw ik mei de velpontube oant no ta net kreas ferhelpe kinnen. In kwaal dy't myn *Nije list fan frjemde wurden* (Fryske Akademy, 1993) ek ûnder de lea hie. Spitich, want beide boekjes binne dochs foarbestimd om faak rieplachte te wurden. En dan moat it wat lije kinne. De twadde printinge moat al deegliker, woe 'k hawwe.

Dan kinne moai ek noch inkelde oare tekoarten rjochtbreide wurde. Dêrby tink ik net allinnich oan de hurde ôfbrekstreekjes dy't steanbleaun binne yn 'angli-sismen' (s. 14), 'Thorbecke-plein' (s. 30), 'Himmel-feartsdei' (s. 35) en op oare plakken (s. 36, 42, 44, 45, 46, 48, 65). Mar ek oan in stikmannich staveringswurden foar telefoanpetearen ('Xantippe' en sa, s. 113), dy't fan 't stee rekke binne. Dan kinne tagelyk in pear tillefoannûmers 10-siferich makke wurde (s. 150) en it *f*-teken brûkt wurde (y.p.f. it *f*-teken, s. 168) as it om jildbedraggen giet. En kin der ek net better op syn minst ien spaasje tusken de fjirde desimaal en de ûnderdielen/kopkes fan haadstikjes op side 58? Alles stiet no wol hiel ticht opinoar.

Brûkberens

Grut ferlet haw ik eins fan in wiidweidich register yn de geast fan Renkema syn *Schrijfwijzer*. De alfabetyske opset fan it foarste part fan De Haan syn skriuwwizer is lang net foldwaande om alderlei saken flot opsykje te kinnen.

Tagelyk haw ik soarch dat lêzers/brûkers dy't net aardich taalkundich ûnderlein binne, der klauwen oan hawwe om beskate faktermen, foldwaande te begripen. Grammatikale begripen as 'refleksyf' (s. 60), 'bepaling' (s. 61), 'kongruinsje' (s. 64), 'kanonike Fryske begjinkloft' (s. 93) en sa binne net foar elts likegoed nei te kommen. Foar in twadde printinge soe nochris besjoen wurde moatte oft it hjir en dêr net wat 'makliker' kin. It boekje soe der tagonklikker fan wurde.

Nettsjinsteande myn somtiden wat krityske kanttekenings, dy't, sa't ik yn it begjin al sein haw, letterlik en figuerlik 'marzjinaal' binne, haw ik grutte wurdearring foar De Haan syn krewearjen en foar de Fryske Akademy, dy't it mooglik makke hawwe dat dit nuttige, taalbefoarderjende boekje der no einlings is. In lytse mylpeal foar Fryskskriuwend Fryslân. Ik hoopje dan ek dat it in soad brûkt wurde sil.

S.T. Hiemstra (Drachten)

Oebele Vries (1993)

'Naar ploeg en koestal vluchtte uw taal'. De verdringing van het Fries als schrijftaal door het Nederlands (tot 1580). (Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, ISBN: 90-6171-772-8, FA-nû. 772, Fryske Histoaryske Rige nû. 9, yll., 261 s., f 50,- (foar leden en stipers fan de Fryske Akademy f 47,50).

In de Middeleeuwen speelde in verscheidene West-Europese landen de volkstaal, die in literatuur en na verloop van tijd ook in ambtelijke teksten werd gebruikt, een ondergeschikte rol ten opzichte van het Latijn. In de zestiende eeuw is de attitude tegenover de volkstalen in gunstige zin gewijzigd: ze werden in toenemende mate geschikt geacht om te fungeren op gebieden waarop voorheen het Latijn het alleenrecht had. Van concurrentie was echter niet alleen sprake tussen het Latijn en de volkstaal: in het Duitse taalgebied ging het Hoogduits het Nederduits verdringen, dat eerder als taal van de Hanze een zekere positie als supraregionaal communicatiemiddel had verworven, en in de Nederlanden is de strijd tussen het Nederlands en het Fries in (Westerlauwers) Friesland voor het eind van de zestiende eeuw in het voordeel van het Nederlands als schrijftaal beslist.